

Psychologysk portret mei couleur locale

FD 11-03-2006

troch Yvonne Dijkstra

Miskien slaan wy no in stikje jeugd oer, miskien fine wy dat nea werom, mar it is sa't is. Miskien is it libben net foar elkenien gelyk, en bestiet dat net, in stikje oerslaan. Elkenien docht wat as er libbet, it iene of it oare, it moaie of it minne, mar der is altyd wat. Libje is it, sûnder mear (side 46). Dat tinkt Silke as se by it bêd fan har sike mem sit en eins seit dit alles oer it ferhaal. Want: hoe reagearret in jong frommes, tredde jiers rjochtestudinte yn Grins, as se te hearren krijt dat har mem terminale kanker hat? Se libbet mar gewoan troch en besiket wer fêste grûn ûnder de fuotten te krijen. It is in 'tricky' ûnderwerp foar in roman en Hiem-

stra hie yn in soad falkûlen stappe kinnen by it skriuwen, mar dat docht hja net. *It rinnen fan Silke* is in realistysk ferhaal wurden, in psychologysk portret, mei in haadpersoan dy't it allegear net sa goed wit.

It ferhaal rekket, omdat Silke werkenber is. Se is net in held en wurdt ek net ta held makke yn de rin fan it ferhaal. Se wraksellet mei har gefoelens, wit net hoe't se mei dizze situaasje oan moat. Se docht gjin grutte dingen en seit gjin grutte wurden mar is in gewoane studinte mei in gewoan studintelibbentsje. Fan dat studintelibben yn Grins krije we in moai byld, want Hiemstra hat in soad omtinken foar de couleur locale. Dy gelegenheid is der ek omdat Silke in soad troch de stêd kuieret. Al

rinnend kin se it bêste neitinke. Mar Silke giet ek nei feestjes en hat har freonen by Bernlef. De studinten om har hinne binne as figuranten: se foarmje de eftergrûn fan Silke har dwaan en litten. Foar de lêzer dy't de stêd Grins in bytsje ken, is it in feest fan herkenning om yn it Grins fan Silke om te stappen.

Wy krije ek in goed byld fan de húshâlding dêr't Silke út komt. It liket op it earste gesicht wol in waarm gesin, mar mei gefoelens kinne hja net sa goed omgean. Der waard al net safolle praat en no lûkt elk him werom yn syn of har eigen fertriet. Foar Silke betsjut dat dat hja yn it earstoan gewoan troch besiket te gean mei har libbentsje, mar geandewei komt se der achter dat dat net wurket. Har

psychologyske ûntjouwing, it sykjen nei antwurden, dêr giet it yn It rinnen fan Silke om.

Al spruts it ferhaal my wol oan, ik tink dat jongere lêzers der noch mear mei hawwe. Wat dat oanbelanget soe de roman it predikaat adolesinteroman fertsjinje. Net allinnich omdat it út it perspektyf fan in adolesint wei skreaun is, mar fral troch de skriuwstyl. En dan yn it bysûnder troch de skeanprinte teksten dy't boppe elk haadstik - en ek wolris yn in haadstik - steane. De ferteller sprekt yn dy stikjes de lêzer oan en fan my hie dat net hoecht. Sterker noch, ik fûn it hieltyd wer in ôfknapper as ik krekt lekker yn it ferhaal siet. De ferteller seit bygelyks foardat it earste haadstik begjint: 'Dit is it ferhaal fan Silke en har mem, en

Silke sil it jim fertelle'. Dat earste sintsje wie foar my hast in reden om it boek oan de kant te lizzen. De toan is lytsbernich en past net by de rest fan it ferhaal. Boppedat folt de skriuwer yn wat ik as lêzer sels ek wol betinke kin en ek graach betinke wól. Skrappe dus, dy handel!

Mar útsein dit puntsje fan kriteyk, fertelt Klaske Hiemstra yn *It rinnen fan Silke* in moai ferhaal. Ik soe my yntinke kinne dat dizze roman troch de kombinaasje fan net te dik, maklik lêsber en in oansprekkend ferhaal seker in oanrieder is foar jongerein dy't foar it fak Frysk boeken foar de list lêze moatte.

Klaske Hiemstra, It rinnen fan Silke, Friese Pers Boekery, 2006, priis: 15 euro.